

**INKIJKVERSIE  
SCRIPT**  
**MÂLEJAN IS WEROM**  
(Mallejan is weerom)

In komeedzje fan

**ARIS BREMER**

Yn fjouwer bedriuwen

Fryske oersetting

**GURBE DIJKSTRA**

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.  
(Grimas Theatergrime verkoop)  
Tel: 072 - 5 11 24 07  
E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)  
Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **MÂLE JAN IS WEROM – MALLEJAN IS WEEROM** gaan opvoeren, dienen in alle programma-boekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **ARIS BREMER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: 2011 © Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## PERSONAAZJES:

*De haadpersoan hat yn syn jonge jierren op it doarp dêr't er wenne, en dêr't er no foar in skoftke werom is, de bynamme Mâle Jan krigen.*

MÂLE JAN - Jan van der Molen, sawat 40 jier, skriuwer.

TOSCA - syn frou, dy't noed foar him stiet, folget syn wolwêzen op ôfstân.

*De famylje De Brave, dy't Mâle Jan ûnderdak biedt yn it eardere hinnehok.*

JAAP - bynamme 'Jaap Wichel', sawat 60 jier, âldboer en no rintnier, leeft mei de rêch nei it doarp en hat in passy foar de wichelroede.

ELS - syn frou, bynamme 'Goudelske', is folle jonger en dominant, sawat 40 jier. Se hat problemen mei har dochter.

BETTE - harren dochter fan sawat 18 jier, yn it doarp neame se har 'Rotsje' fanwege har uterlik en it wrotten yn ferfelende saken.

*Fierder mem en dochter Potter, de alles behalve diskrete postrinders.*

SIJKE - bynamme 'Sijke Slik', sawat 60 jier, en in rinnend nijsblêd, en

MIEPIE - sawat 30 jier, har oandwaanlik ûnnoazele dochter, dy't de measte post op foarhân trochlêze.

TRUUS DE NATTE - bynamme 'Truus Storein'. Sawat 60 jier, boerinne, ryk wurden troch in fytspaad dat oer har lân oanlein is.

EDUARD VAN BEERENSCHOT - bynamme 'De Bear', sawat 50 jier, de wethâlder sûnder gewisse, dy't al desennia lang manipulearret, yntrigearret en achter froulju oansit.

*Ek 'Dolle Dries' spilet in grutte rol spilet mar komt net op it toaniel. De heit fan 'Mâle Jan' is in generaasje ferlyn troch de doarpsmienskip ferstjitten en koart dêrnei in finzenskip ferstoarn.*

NOAT:

*Der binne in bulte ferskillende soarten wichelroeden, fan houten stokjes oant hiele moderne. Ik soe sizze: sykje ris op ynternet nei ôfbyldingen hjirfan en nim deselde dy't jo it bêste past.*

## **DEKOR:**

It dekor bestiet út twa dielen. Rjochts it ûnderkommen fan Mâle Jan, earder in hinnehok, no in hiel ienfâldich ferbliuw. Yn de wytkele achtermuorre fan dit ferbliuw is in iepenslaand rût, dêrûnder stiet in ienpersoans bêd mei bûnte tekkens. Tsjin de rjochter sydkant stiet in lytse tafel en in stoel. Yn de hoeke rjochtsachter in miny – keukenblok, dêrneist in doar nei de badkeamer en it húske. Der hingje wat obligate printen en op de flier leit in âld flierkleed.

It linkerpart fan it poadium is it terras. De achterwand is in griene hage mei der foar in túnbank en fierder in houten skutting mei in poarte.

De bûtenwand fan it hinnehok kin oanjûn wurde troch in keazyn mei in doar.

Ek kin der in net al te breed houten diel op de flier lein wurde. De suggestje fan 'binnen' en 'bûten' kin ek troch ferskil yn kleurtapassing en beljochting fersterke wurde.

## EARSTE BEDRIUW

*(op it terras rint Jaap op en del mei in wichelroede yn de hannen. De wichelroede slacht út, hy bûcht foaroer en krijt wat op)*

JAAP: Soa, in sint! *(wriuwt de munt op en besjocht 'm)* 1988. Noch in jong ding doe, ús keningintsje. *(stekt de munt yn de bûse, wer mei de wichelroede op en del)* 1988... Doe wiesto hjir noch kening, Jaap. Hiesto it foar 't sizzen. Seisto 'links', *(giet nei links)* ...dan giene we nei links, seisto 'rjochts', *(giet nei rjochts)* ...lyksa, dan giene we nei rjochts. Dat is no wol even oars. No ja, se dogge ek mar, it is my om't even, ik gean myn eigen gong... mar wol **mei** myn wichelroede. *(rint wer op en del, dan slacht de wichelroede út nei de poarte)* Hee! Hy slacht út. Dat is bysûnder. Wy krije besite, seit er. Dat is doch knap fan sa'n ding. *(Jaap berget de wichelroede op. Tosca op troch de poarte, dêr achteroan Mâle Jan, mei in koffer en in swiere tas)*

TOSCA: Goeie middei.

JAAP: Ek goeie middei.

MÂLE JAN: Goeie, De Brave.

TOSCA: Jo binne dus menear De Brave?

JAAP: Sis mar gewoan 'De Brave', mefrou. Soa! Jim ha it fine kinnen? Ach, wat sis ik no doch. Fansels ha jim it fine kinnen, oars wiene jim hjir net.

TOSCA: We binne der, jo hiene it goed útlein oer de telefoan. *(jout Jaap in hân)* Tosca van der Molen. En Jan wist it paad noch fan froeger. *(Mâle Jan set de koffer en de tas del)*

JAAP: *(Mâle Jan en Jaap fûstkje)* Soa, dus do bist werom?

MÂLE JAN: Ik bin werom, De Brave.

JAAP: Dat is bysûnder. Of net? No ja, sjoch, it is my om't even. *(gebeart nei it húske; Tosca sjocht nei Jaap, Mâle Jan stoarret nei it húske)* Dit is it dus. Earder wie 't foar de hinnen. Mar de hinnen binne dea. Doe wie 't foar de baarch. De baarch gong ek dea. Doe't ik net mear buorke ha 'k it wat opkalfatere. Hat ús heit der noch in skoft yn wenne. Oant syn dea. Doe hat der noch wiken... no ja, dat witst fansels.

TOSCA: Dat wit er.

JAAP: En dêrom fyn ik it sa bysûnder. Earst ús heit en doe...

MÂLE JAN: *(foar him út)* Us heit. Mar wol sûnder my.

JAAP: No ja, sjoch, it wie my allegear om't even en it stie doch leech.

Fee ha 'k no net mear, sadwaande hie de frou in advertinsje set.

TOSCA: We sille sjen oft it 'm befalt.

MÂLE JAN: (*tsjin Jaap*) Us heit mocht jo graach, De Brave, dat wit ik noch wol.

JAAP: Och ja... Ik ha net folle foar him dwaan kinnen. O ja, ik fûn krekt noch in âlde sint. (*lit de sint sjen*) 1988! Wat wit is dy noch wol fan him... (*jout Mâle Jan de sint*) Hâld do 'm mar. (*lit de wichelroede sjen*) Ik fyn sa wer wat oars.

MÂLE JAN: (*drukt de sint tsjin it hert*) Ik hoopje noch folle mear fan him werom te finen.

JAAP: It is salang ferlyn. (*Mâle Jan tutet de sint, Jaap sjocht ta*) 'Mâle Jan'...

TOSCA: (*om Jaap ôf te lieden*) O, is dat no sa'n... kom... in... eh?

JAAP: Dat is in wichelroede.

TOSCA: Ynteressant. Hoe giet dat no, dat wichelroede - rinnen? Wat fine jo bygelyks mei sa'n ding? (*Mâle Jan berget de sint mei soarch op*)

JAAP: Dat is om't even, hinget der fan ôf watst sikest. Eins alles wat ûnder of boppe de grûn is. (*nimt de wichelroede yn 'e hannen*) Sjoch sa, yn bytsje los yn 'e hân... En atst dan neat sjochst, mar der is wol wat, dan... Hee!! Sa as no bygelyks... Sjoch, hy slacht út. (*de wichelroede wiist op de bûk fan Tosca*) O! Eh... Binne jo miskien tafallich in lyts bytsje swanger? (*Tosca sjocht skrokken, Mâle Jan sjocht amusearre*)

MÂLE JAN: Nee, De Brave, myn frou hat in rinkje yn de nâle. Dat sil 't wêze.

TOSCA: Jan, soks hat De Brave grif noch noait sjoen.

JAAP: Ha! Dat tochten jo mar, Bette sit fan boppen oant ûnderen fol mei dy dingen.

TOSCA: Bette?

JAAP: Us dochter. Dus jo frou is net...?

MÂLE JAN: Swanger? Nee. Dêr wachtsje wy noch even mei.

JAAP: No ja, 't is my om't even. (*sjocht noch nei de wichelroede*)

MÂLE JAN: It komt no even net út.

TOSCA: (*sjocht koart even nei Mâle Jan*) Eh... Jan, bist net nijsgjirrich nei dyn húske? Sjoch alfêst mar even binnen, ik kom sa. (*Mâle Jan knikt, giet troch de doar it húske yn, giet op it bêd sitten, sjocht foar him út*) Menear De Brave... Wolle jo dy roede opbergje asjebleaf.

JAAP: (*berget de wichelroede op*) No ja, al of net swanger, it is my om't even, fansels.

TOSCA: Wat ik freegje wol... (*gebear mei de holle nei Mâle Jan*) ...wat witte jo noch mear fan Jan fan froeger?

JAAP: Fan Jan sels? Net folle. Myn frou wol. Ik ha altyd mei de rêch nei it doarp leefd.

TOSCA: Ha jo in hekel oan it doarp?

JAAP: Nee. Net oan it doarp, nee. Mar de minsken... och, dat is my ek om't even. Se dogge mar.

TOSCA: Mar jo seagen wol fuortdaliks dat it Jan wie?

JAAP: Witte jo, earst... ik tocht earst, wrachjes, dêr ha je Dolle Dries.

TOSCA: Wa?

JAAP: Dolle Dries. Syn heit. Troch de jierren hinne liket er hieltyd mear op syn heit.

TOSCA: Wêrom waard syn heit sa neamd? Wie 't sa'n wyldeman?

JAAP: Och, mefrou, sa giet dat yn in doarp, de man wie ymport, kaam hjir as skoalmaster. En atst frjemd bist kin se dy earst oeral foar brûke. Bestjoeren. Gemeenterie. Foar de frisse wyn. Dat sizze se dan. Mar o wee at dy wyn in oare kant útwait as harren wyn.

TOSCA: Mar wêrom 'Dolle Dries'?

JAAP: Se sizze dat er in kear mei de Bear fochten hat, mar it sil wol net allegear wier wêze.

TOSCA: Wat? Mei in bear?

JAAP: Mei **de** Bear. Dat is de wethâlder dy't it doarp sa'n bytsje nei syn piipjen dûnsje lit. Freeslike keardel, mar ja... barst fan 't jild. Dêr hie er altyd spul mei en dy kear foelen der klappen. Sûnt dy tiid is it Dolle Dries.

TOSCA: En wêrom is Jan 'Mâle Jan'?

JAAP: Ik soe 't net witte. 't Is in doarp hin. Sa hyt ik fanwege myn hobby Jaap Wichel. Kinsto begripe wêrom't se fan buorfrou De Natte 'Truus Storein' makke ha. Dy dingen gean sa. En no't Jan werom is, is hy gewoan wer Mâle Jan. Silst sjen. Hark es, it is my om't even, mar hoelang bliuwt Mâle Jan?

TOSCA: Ik wit it eins net.

JAAP: No ja, sjoch es...

TOSCA: It is jo om't even?

JAAP: Sa is 't.

TOSCA: Mar... wolle jo wol in eachje yn 't seil hâlde?

JAAP: Ik? Nee. Ik bin net sa goed mei eachjes yn 't seil. De frou... dy is goed mei eachjes yn 't seil. Te goed eins.

TOSCA: Kin ik even mei har prate dan?

JAAP: Dat sil net gean. Els is nei de stêd.

TOSCA: Dat is spitich.

JAAP: Nee.

TOSCA: Nee?

JAAP: Nee. Dat fyn ik net spitich. 't Is sa rêstich wol. Jo fine it fierder wol. (*nei de poarte*) At der wat oan mankearret dan...

TOSCA: Dan?



JAAP: Dan kin ik jo doch net fierder helpe. 't Bêste. (*ôf troch de poarte*)

TOSCA: Ja. Tanke. (*nei binnen*) Sa... (*iroanysk*) Mâle Jan, dêr sitst dan. Hoe liket it?

MÂLE JAN: 't Is noch tryster as at ik tocht. Presys goed.

TOSCA: Dit is watst woest?

MÂLE JAN: Wol sawat ja.

TOSCA: Moat ik dy noch helpe? Dyn koffers útpakke? (*Mâle Jan skoddet de holle*) It wat gesellich meitsje?

MÂLE JAN: Asjebleaft net. Gesellichheid sykje ik hjir net. Dat wurket net.

TOSCA: Dus ik mei wol gean?

MÂLE JAN: Ja.

TOSCA: Wannear kin ik dy wer ophelje?

MÂLE JAN: At ik klear bin.

TOSCA: Hoe kin ik witte wannear atst klear bist? Ik mei net belje, net skriuwe... (*Mâle Jan hellet de skouders op*) Jan, it is omdat ik wit hoe belangryk at it foar dy is, mar oars soe 'k sizze...

MÂLE JAN: Tosca!

TOSCA: Ja?

MÂLE JAN: Tanke. (*giet op bêd lizzen*)

TOSCA: O. (*iroanysk*) Graach dien. Fierder noch wat? Nee? No, dan gean ik mar...

MÂLE JAN: Ja. (*mei de rêch nei har ta*)

TOSCA: Jan... Dat rinkje yn myn nâle...

MÂLE JAN: Ja...?

TOSCA: Dat is der al moannen út. (*Mâle Jan reagearret net*) Lull! Wêrom hâld ik eins fan dy? (*Tosca poatelt nei bûten, slacht de doar ticht, skopt de koffer om, ôf troch de poarte. Mâle Jan draait him om*)

MÂLE JAN: (*foar him út*) Ik hâld ek fan dy. (*giet sitten*) Mar dêr kin ik even neat mei. Dat wurket net. Dat is fierste... gesellich. (*oerein*) Kom op, Mâle Jan, mei sitten komst der net. (*hy giet nei bûten. Troch it iepensteande rût boppe it bêd gnúft Bette nei binnen. Mâle Jan nimt de tas mei nei binnen, hellet dêr in skoatkompjûter út, set dy op 'e tafel, docht 'm iepen en siket in stopkontakt, fynt dat net. Hy rint nei de binnendoar, docht dy iepen en sjocht dêr*) Ah! Wasktafel en húske. No ja, Mâle Jan, do kinst hjir yn elk gefal wat farre litte. (*hy giet rjochts ôf. Bette klimt troch it rût nei binnen, komt op it bêd del, giet nei de tafel, Se nimt de stekker fan de kompjûter, stekt dy ûnder de tafel yn in stopkontakt en set de kompjûter oan, giet dan nei bûten. Els komt op troch de poarte*)

BETTE: Bist der no al wer?

ELS: Tinkst dat jim mem tiid hat om de hiele dei yn de stêd om te hingjen?

BETTE: Fan my meist hingje salang atst wolst.

ELS: Wat dochsto hjir, Bette?

BETTE: Neat.

ELS: Mei neat sjitte we neat op. Wat tochtste, mem is der net, ik rin mar wat om te neatnutten? Wêr is jim heit?

BETTE: Wit ik it. Syn roede achternei, tink ik.

ELS: Syn wat?!

BETTE: Syn wichelroede! Op 'e siik nei gelok.

ELS: Dat stelt allegear neat foar. Is dy hierder der al? (*Bette wiist op de koffer, giet nei de poarte*) Wie er allinne? Hoe sjocht hy der út? Wêr silst hinne?

BETTE: Ik tink dat ik mar es ergens hinne sil te neatnutten.

ELS: Hast dy sollisitaasjebrief al fuort?

BETTE: Wat brief?

ELS: Dy nei de gemeente ommers, op it argyf.

BETTE: Sjochst my yn dy tsjustere kelder tusken al dy stoffige papieren? De groetnis! (*ôf*)

ELS: Bette! Do hast net iens skreaun?! (*foar har út*) Dêrom mar goed dat ik dat foar dy dien ha. (*Els pakt de koffer, giet nei de doar, docht dy foarsichtich iepen, sjocht nei binnen, sjocht gjinien, giet deryn en set de koffer del, sjocht om har hinne. Se sjocht nei de skoatkompjûter, skoot de stoel klear, sit, giet mei in finger nei it toetseboerd. Dan wurdt it húske trochlutsen. Els sjit oerein, de stoel falt om. Mâle Jan op, docht de klean teplak, sjocht dan Els*)

MÂLE JAN: O, ik wist net...

ELS: Ik... ik ek net. (*set de stoel werom, Mâle Jan sjocht nei syn hannen*) Hanwaskje kin dêr ek. (*wiist nei de húske doar*)

MÂLE JAN: Moai. (*it húske wer yn, wasket de hannen*)

ELS: Soa, dus do bist der wer?

MÂLE JAN: (*ferstiet it net troch it streamen fan it wetter*) Wat?

ELS: Do bist der dus wer!

MÂLE JAN: Ja. (*wer op, docht de oar ticht, wit net wat er mei de wiete hannen moat*) Ik bin der wer.

ELS: Do hast gjin handoek?

MÂLE JAN: Jawol, yn de koffer.

ELS: Do hast noch net útpakt?

MÂLE JAN: Nee. Ik bin der noch mar krekt. (*faget de hannen droech oan de broek en it hier*)

ELS: Hm. Mâle Jan is der wer...

MÂLE JAN: Och ja.

ELS: Kenst my doch noch wol?

MÂLE JAN: Jawol. (*nei de kompjûter*) Hee, hy is oan? Hasto 'm oansluten? (*folget it snoer oant ûnder de tafel*) O, hjir sit... (*holle ûnder de tafel*) ...in stopkontakt. Tanke.

ELS: Wat betankest no?

MÂLE JAN: Goudelske. (*werom, stjit de holle*) Au!

ELS: Goudelske is no Els De Brave. Nei de HAVO bin ik op kantoar bedarre, Beerenschot & Ko, priveesekretaresse. Kinsto de Bear noch?

MÂLE JAN: Jawol.

ELS: En do?

MÂLE JAN: Ik bin Mâle Jan bleaun.

ELS: Bist allinne?

MÂLE JAN: No even wol.

ELS: Ik bin jong troud rekke.

MÂLE JAN: Troud rekke? Gong dat by ûngelok? Do foelst op in jûn as frijgesel yn sliep en do waardst troud wekker?

ELS: (*laket forsearre*) Do bist noch deselde Mâle Jan fan doe!

MÂLE JAN: Dus Goudelske troude mei de âldere, frijgeselle Jaap Wichel. En se leefden noch lang en lokkich...?

ELS: Wêrom bist weromkommen?

MÂLE JAN: Samar.

ELS: Samar?

MÂLE JAN: Nee, net samar. Om te sjen oft it wurket.

ELS: Botte dúdlik bist net, mar dat moatst sels witte.

MÂLE JAN: Ja. Dat mei 'k sels witte.

ELS: Sil ik doch mar dy koffer útpakke en it hjir in bytsje gesellich meitsje? (*leit in hân op syn earm*) Witst noch dat we mei elkoar nei de HAVO fytsten?

MÂLE JAN: Mei noch tritich oaren.

ELS: Do wiest altyd sa grappich. Do wiest echt oars.

MÂLE JAN: Sa fieldede dat ek. ja.

ELS: Moaie tiid wie dat.

MÂLE JAN: Fynste?

ELS: Do net dan?

MÂLE JAN: Ik bin in soad fergetten.

ELS: Dy kear yn it fytsehok? Ek fergetten?

MÂLE JAN: O ja, dat fytsehok bin ik echt hielendal fergetten.

ELS: Dat leau ik net. (*se sjocht dat Bette troch it rût boppe it bêd nei binnen gnúft. Mâle Jan stiet der mei de rêch nei ta. Els lûkt de hân werom*) Bist dêrom werom kommen, om dyn ûnthâld op te frissen?

*(besiket Bette subtyl dúdlik te meitsjen dat se dêr weigean moat, mar dy lûkt har der neat fan oan)* Werom nei dyn woartels.

MÂLE JAN: Wiene der woartels yn dat fytsehok dan?

ELS: Do pleagest my. *(wer in gebeart nei Bette)*

MÂLE JAN: Tsja, ik hyt ek net foar neat Mâle Jan.

ELS: Yn dat fytsehok krige ik myn earste tút. Fan dy. In famke ferjit dat net.

MÂLE JAN: Tsja, ik bin dan ek gjin famke. En jonges ferjitte samar.

ELS: *(yrritearre troch de reaksje fan Mâle Jan en it sjen fan Bette)* We ha 't der noch wol es oer. Ik sil dy no fierder net ophâlde. Atst hjir noch wat mist dan hear ik it wol.

MÂLE JAN: Dan hearst it wol. *(giet by de kompjûter sitten)*

ELS: *(even de hân op syn skouder)* En hast ferlet fan oanspraak, de buorkerij is flakby. Ik sis noch altyd 'buorkerij', mar we buorkje gelokkich hielendal net mear. Do bist altyd wolkom. *(sjocht even nei it rût, lûkt gau de hân werom, poatelt nei bûten, mei útset lûd)* Bette! Bette de Brave! *(Els troch de poarte ôf. Mâle Jan stoarret nei it skerm mei de fingers yn de oanslach. Bette krûpt troch it rût nei binnen, komt op it bêd del. Mâle Jan hat dit út de eachhoeke sjoen, sjocht rjocht foar him út)*

MÂLE JAN: Ik ha ek in doar.

BETTE: Sa kin 't ek.

MÂLE JAN: Bisto Bette?

BETTE: Bisto Mâle Jan?

MÂLE JAN: Jim mem siket dy.

BETTE: Ik bin de ferlerne dochter. *(Mâle Jan typt. Bette sit op it bêd en sjocht ta, nei in koarte stilte)* Lit my riede. Do hast dy op it plattelân weromlutsen om oan dyn proefskrift te wurkjen. Do wolst promovearje op ien of oar filosofysk fraachstik. *(Mâle Jan typt fierder)* Net dus. Do moatst fan dyn útjouwer einlings dat boek ôfmeitsje. 'It lyk yn it hinnehok'. Ek net. Wachtsje! It wurdt in baanbrekkend eroatysk wurk. 'Mâle Jan en it brave fanke'. *(Mâle Jan hâldt op mei typen)* Raak! No, Mâle Jan, ik kin dy ien ding sizze, ik bin gjin braaf fanke en ik fal ek net op middelbere mannen. *(Mâle Jan skoot de stoel nei achteren)*

MÂLE JAN: No, Bette, ik kin dy ien ding sizze: ik fal net op in keakeljend pykje. *(at it fan tapassing is)* mei in hoannekaam. En gean asjebleaf fuort, do steurst. En ik wol ek gjin rûzje mei jim mem.

BETTE: Aha! Us mem! Dêrom bist hjir.

MÂLE JAN: Wat bedoelst?

BETTE: Ik ha jim sjoen. Troch dat rût.

MÂLE JAN: Bist grutsk op dat gnuven?

BETTE: Wat moat ik hjir oars? Sjen oft it gers ek groeit? Sa hee, dy mem De Brave. Sa hie 'k har noch noait sjoen. Se raande hast.

MÂLE JAN: Ik bin hjir net foar jim mem. Ik besykje te wurkjen. Yn alle rêst. (*giet oerein, nei de doar*) Ik tink dat ik dy rêst ferjitte kin salang atsto by my yn de buert bist. (*docht de doar iepen, harket, it ploffende lûd fan in âld brommer*)

BETTE: Dat is Sijke Slik mei de post.

MÂLE JAN: Is dat noch altyd deselde taart dy't thús earst de post trochlêst?

BETTE: Deselde. Miepje, har dochter, sil it skylk oernimme. Like dom as braaf.

MÂLE JAN: (*mei in gebeart*) Mei ik no dit brave fanke fersykje...

BETTE: Braaf? Witst hoe't se my yn 't doarp neame?

MÂLE JAN: Nee.

BETTE: Rotsje.

MÂLE JAN: Rotsje? Wêrom?

BETTE: Gjûn idee. Miskien omdat ik faak op plakken kom dêr't se my leaver net sjogge. (*troch de doar nei bûten*)

MÂLE JAN: (*der achteroan*) Dat ha 'k murken.

BETTE: Dus atst wat witte wolst...

MÂLE JAN: Wêroer? Wat soe ik fan dy te witten komme wolle?

BETTE: Wat oer jim heit.

MÂLE JAN: Us heit? Hoesa?

BETTE: Do wolst witte wat Dolle Dries hjir oerkommen is.

MÂLE JAN: Hoe komst der by?

BETTE: Okee, atsto der net mei my oer prate wolst...

MÂLE JAN: Bemuoï do dy no mar mei dyn eigen saken.

BETTE: Dat sil ik seker dwaan!

MÂLE JAN: Rotsje?

BETTE: Ja?

MÂLE JAN: Mei dizze middelbere man dy wat freegje?

BETTE: Kom mar op.

MÂLE JAN: Ik moat nei it doarp...

BETTE: Do witst it paad.

MÂLE JAN: Soe ik in fyts fan jim liene kinne?

BETTE: Rin mar mei nei de skuorre. Do meist minen wol brûke. (*nei de poarte. Mâle Jan der achteroan*) Mar at ik dy wie, soe ik yn dit gat net samar mei elkenien oer Dolle Dries begjinne... Dan soe Mâle Jan wol es itselde oer komme kinne as syn heit! (*beide ôf. Foar it iepen rût boppe it bêd ferskine twa gesichten, dat fan Sijke en Miepje, beide as postrinder klaaid*)

MIEPIE: Mar mem, dit is doch gjin brievebus?

SIJKE: Nee, mar ik moat doch ergens de post kwyt.

MIEPIE: We hiene dit pakje ommers ek yn de bus fan Jaap Wichel goaie kinnen.

SIJKE: It is net bestimd foar Jaap Wichel, en ek net foar Goudelske, lit stean foar Rotsje. Wat stiet der krekt op?

MIEPIE: (*lêst muoisum*) Aan de heer J. van der Molen. Grutterijweg 12 A.

SIJKE: 12 A?

MIEPIE: Ja, 12 A.

SIJKE: En dit 12 A. En sa te sjen húsmannet Mâle Jan hjir.

MIEPIE: Mâle Jan? Dy Mâle Jan fan hiel froeger?

SIJKE: Ien en deselde. Sjoch, sokke dingen wit jim mem.

MIEPIE: Sil ik it dan mar nei binnen goaie? Bin wy der ôf.

SIJKE: Nee, dat dogge we net.

MIEPIE: En krekt seit mem dat we it ergens kwyt moatte.

SIJKE: Wy wolle doch witte wêrom't Mâle Jan weromkommen is? Kom mei, we gean nei syn foardoar. Even omrinne... (*de gesichten ferdwine, de stimmen bliuwe*) Fierderop is in poarte. Ik kaam hjir froeger wol. Hjir sieten earst de hinnen.

MIEPIE: Krigen de hinnen wol es post, mem?

SIJKE: Doch net sa dom ju. Hinnen lizze aaien. En Goudelske fielde har te goed om se op te krijen, no ik net. (*it lûd fan in fytsbel*) Hee, kinst net útsjen, flapdrol! Do riidst my hast fan de sokken! (*se ferskine by de poarte, gean it terras op*) Je soene der in hertfersakking fan krije.

MIEPIE: Wa wie dat mem?

SIJKE: Ik seach allinne in fyts en fierder seach ik neat.

MIEPIE: Der siet in fint op dy fyts. Wa wit wie dat dy Mâle Jan wol.

SIJKE: Dan is Mâle Jan yn elk gefal net thús. (*fielt oan de doar*) En dizze doar is ek net op slot. (*giet deryn, Miepie der achteroan*) Folk yn! (*se harkje*)

MIEPIE: (*ropt*) Is der folk yn? Of is it folk der op de fyts fan troch? (*harkje*) Der is gjinien. Wat soe der yn dat pakje sitte?

SIJKE: Woest it alfêst foar him iepen meitsje?

MIEPIE: No mem, dat ha jo thús grif al dien.

SIJKE: Ja. Mar kreas wer ticht makke. It kaam fan in útjouwer.

MIEPIE: En wat siet der yn?

SIJKE: In boek.

MIEPIE: Allinne mar in boek?

SIJKE: Ja. In boek. En witst hoe't dat boek hjit? (*Miepie skoddet de holle*) Dat boek hjit 'Mâle Jan is werom'! Dat stie op de omslach.

MIEPIE: O! Dêrom wist mem dat hy hjir Mâle Jan wie. Fan dat boek.  
 Gosje! En?

SIJKE: Wat en?

MIEPIE: Rûn it goed ôf?

SIJKE: Wat goed ôf?

MIEPIE: Krigen se elkoar?

SIJKE: Wit ik dat.

MIEPIE: Hat mem it boek net lêzen dan?

SIJKE: Der stie neat yn, alle bledsiden wiene leech. No, lis mar del  
 dat pakje, we wurde neat wizer fan in leech boek. Stil es...

ELS: *(net te sjen, lûd)* Bette!! Bette!!

MIEPIE: Bette?

SIJKE: Se ropt Rotsje.

MIEPIE: Wa ropt Rotsje?

SIJKE: Frou De Brave. Kom mei, gau nei bûten. *(beide gau nei bûten)*

ELS: *(net te sjen)* Bette De Brave! Bisto dêr?!

SIJKE: Tink derom, ik doch it wurd. Goudelske is net foar de poes.

ELS: *(op troch de poarte)* Bette! Bette! Bist hjir?

SIJKE: *(lûd)* Goeie Els!

ELS: Wat?! Jimme hjirre? Ik tocht dat myn dochter... Wat sykje jim  
 hjir?

MIEPIE: Sykje? Neat. Wy soene wat bringe.

SIJKE: Stil do. *(tsjin Els)* Do witst dat Mieprie my skylk opfolgje sil as  
 postrinder?

ELS: Nee, dat wit ik net.

SIJKE: Dus no is se by my yn de lear. Els, ik wit net hoesto it hast  
 mei dyn dochter...

ELS: Dat giet dy ek neat oan.

SIJKE: No, Mieprie moat noch in soad leare. Mar se **wol** yn elk gefal!  
 Sy wol. Dat kin net elke mem my neisizze. En wat wol no it gefal,  
 wy hiene in pakje foar in sekere J. van der Molen.

MIEPIE: Ja, dat is al fluch net, no al post foar Mâle Jan .

SIJKE: Stil do. Grutterijweg 12...

MIEPIE: 12 A!

SIJKE: Ik sis, ik kin gjin 12 A. Litte wy it by de famylje De Brave ôfjaan.  
 Mar Mieprie...

ELS: Wêr is dat pakje?


MIEPIE: Ik ha it binnen dellein. Op tafel. Is dat no dy Mâle Jan dy't  
 hjir froeger...?

SIJKE: Stil do. Dat giet ús postrinders neat oan. *(tsjin Els)* It is 'm  
 doch net?

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**